

## Buorkje yn it Wyllân

Us heit is boer wurden yn it Wyllân yn 1926. Ik wie doe sawat tsien jier. De tsjerke fan Grou hie dêr in partij lân en liet der yn 1925-1926 in nije pleats bij sette troch it timmerbedriuw fan Bertus Bylstra út Warten . Us heit waard , bij ynskriuwing , de earste hierder. De pleats stie tsjin de slúskes oan en al ús lân lei oan de súdkant fan de Doekesleat. . Fan 'e Greft oant it Doekehússtee en bij de Dwers Doeke Sleat

Der koe in pream troch de Doekesleat en hij wie sawat oardel meter djip. De slúskes mochten wij net betsjinje Der wenne in man yn Grou , Sjoerd de Vries , dy wie yn tsjinst fan it wetterskip en moest de mole bemealle en bij de slúskes skutte. Der stiene buorden bij, dy en dy tiid. Mar sjoch doe kamen ús heit-en-dy dêr en wij moesten der ek wolris troch en wij rêden ús sels. It wie op ús hiem. Wij koene der net foar lizzen bliuwe mei it hea. Myn folk holp ek wol oare minsken troch de slúskes. Dy kamen út Beets , Jubbegea , De Gerdyk en sa. Se wiene mei in bok – in pream mei in skerpe foar en achterkant – achter in frachtboat moarns oankommen en moesten dan middeis , de bok folladen mei hea, yn 'e Greft lizze want dan kamen de frachtboaten wer werom út Ljouwert en koene se wer mei en nei hús sleept wurde. Op freed kaam de frachtboat altyd om fjouwer oere. Soms wie der gjin slúswachter mear en dan die myn folk it wol want dy woene se dêr net in nacht lizze litte. Dat wie sonde . Se koene dertroch dan soms noch krekt achter de frachtboaten oan .It wie dêr allegear frjemd folk want it lân waard, yn 'e maitiid, per jier ferhierd en dan wie it mar krekt wa oft it lân krigen hie .

.Wij hierden de pleats mei it lân per fiif jier . Alle stikjes lân waarden hast oanjûn yn mêden . It Wyllân wie ien polder en dy wie sawat 600 pûnsmiet. En oan 'e Geau dêr stie de windmoter dy bemealde de hele polder. Alle winters rûn it lân ûnder wetter. Der waard nei 1 novimber net mear meald dat stadichoan strûpte it lân der ûnder .It lân stie dus suver fjouwer moanne yn 'e gros. Ik ha net in winter kennen dat er net ûnder wetter stie. Op it hiem kaam meast gjin wetter mar it kaam dochs wolris heger. Yn 'e skuorre dêr siet it hea yn, dêr koene we sawat 150 weiden hea yn ha, mar troch dy druk fan it hea sakke de grûn dêr wol. En we ha al ris in kear hân dan stie it ûnderste hea yn it wetter. Dan moest der wer wat grûn ûnder. Op 1 maart dan mocht de mole wer begjinne te meallen. Earder begong it wetterskip net. Je hearden net werom oft se sa diene.

Mar de droechte dat wie it alderminste. Je ha dan yn de maityd fan dat skrokke waar en dan ferdroege alles . Wij seine dan der leit in laach papier op it lân en dat jonge spul gong dêr net trochhinne. Der moest earst wat wetter opkomme. In wiete maitiid dat wie foar ús it alderbeste. We gongen net foar juny meanen. De earste pear jier wit ik dat sa goed net want doe wie ik op skoalle en wie ik de hele wike nei Grou ta , dan kaam ik op sneon-te-moarn wer thús, mar doe ha se wolris sein dan moest it lân mei de seine meand wurde. Mar dat koe noait want dan waard it fierste djoer. En doe stadichoan ha se de kij yn it lân jage en dy ha it lân steviger makke en doe koene se der mei de hynders op. Doe 't ik fan skoalle kaam wie it spul al yn 't lân. Mar ik ha ek wol meimakke dat de hynders weisakken yn 't lân.. It wie in hele put om se der wer út te krijen. Dy 't der trochsakke daliks foar de masine wei, los en de oare der foar weiskuorre en dan moest it hynder dat der ynsiet sels sjen wer op 't lân te kommen. Him der útwrotte. . It buorkjen wie dêr niks wurdich en we krigen ek noch mei de krisis te meitsjen. Dat hat de âldman syn kop ek koste. Nei tsien jier waard ús heit der ôfstjoerd en kaam der in soan fan de tsjerkfoogd op 'e pleats. Want de soan fan de tsjerkfoogd dy moest plak ha en dy koe miskien oars neat krije dat doe moest er op 'e pleats wêr't wij sieten. Doe binne wij nei de Burd ta gongen op it spul nêst de Djippe Sleat

Der bretten earst altyd in protte kobben yn it Wyllân. Se makken har nêsten it leafst yn it langere rûge gêrs. De nêsten wiene eins lytse hichten fan sa 'n 15 oant 20 sentimeter heech . Doe 't wij dêr in tal jierren buorke hiene gongen de measte kobben nei oare stikken lân. Wij hiene mei it meanen ek in soad lêst fan dy nêsten want mei it masinemeanen gong it altyd mis mei dy messen as der in nêst foar siet . De kobben wiene ek tige fûl. Se pikten de hynders gewoan yn 'e kop. Dy hiene der in grut hekel oan. Mei in amer hiest samar in sechtich aaien . Se wiene net lekker mar we diene se troch it kealle- en bargefoer. Ek yn 'e ferbeane tiid sochten we de aaien noch út it lân . De plysje , Vollema , wist dat ek wol mar hij sei : “ As jim der mar foar soargje dat ik it net sjoch.”.

Sels gong ik sneon-te-jûns mei de roeiskou nei Grou om te skearen , dat koe oant jûns tsien oere ta , en in bierke. Gewoanwei gong ik troch de Trijehústersleat, de Biggemar en de Mear nei it doarp mar ik prate ek wolris mei jonges út 'e Burd ôf en dan roeide ik nei Sitebuorren en dan troch de Burd nei it doarp.

De Kosterfinne wie eartiids eins ek al trije stikken. Der sieten twa kear brede greppels yn fan sa'n oardel meter breed . Mei in flinke stap koene je dêr oerhinne stappe

Busman ., de bûterkeapman, kocht ris lân bij ús foar 90 gûne it pûnsmiet en in pear jier letter krige er mar 60 gûne wer.

H P. de Jong

9-11-2004